




SELS FERVE MEITSJE




MEI KLEUREN ÚT DE NATUER

Yn 'e winkel kinst ferve keapje. Mar do kinst it ek sels meitsje. Froeger diene se dat ek al. Se brûkten planten en fruchten, reade grûn, fanalles. Do kinst ek ferve meitsje. Gean op ûntdekkingsstocht yn de natuer, yn dyn tún, yn 'e grientewinkel en gewoan thús.




Wat hast nedich?

In skelk, in stâlpantsje, in houten leppel, in âlderwetsk kofjefilter mei in filterpûdsje (in lytse souwe *-zeef-* mei in feltsje keukenpapier kin ek), lytse potsjes of lege yochertbekerkes. Fierder: jittik (*azijn*), sâlt, polke (*soda*), maizena - stoffen dy't ynfloed op 'e kleur hawwe. Om te fervjen: stevich (akwarel)papier, in sêft pinsiel.



Let op!

Ast giest te wyldplôkjen, nim dan allinne beien en planten mei dêr'tst wis fan bist dat se net giftich binne (brûk in gids of in app om dat te tsjekken). Nim noait seldsume planten mei. En... hoechst gjin sekken fol mei te nimmen, kinst de ferve dochs net lang bewarje.



Hoe dochst it?

Knip op snij dyn planten, blommen, grienten of krûden yn stikjes en doch se yn it pantsje mei in bytsje wetter. Foar ien kopke yngrediïnten ûngefear in heal kopke wetter. Lit alles in healoerke soarje (*sudderren*), bliuw hieltyd rieren. Kinst it prutsje dêrnei eventueel noch in skoft mei it deksel derop op in hiel lege stân lûke litte (dus net mear siede). As it ôfkuolle is, jitst it troch it filter.



SELS FERVE MEITSJE

MEI KLEUREN ÚT DE NATUER



Kinst dyn ferve teste ûnder it sieden, troch der in reepke papier yn te dompeljen. Foegje in bytsje jittik, sâlt of polke ta. Dy stoffen helpe om de kleurstoffen frij te meitsjen en hawwe ynfloed op de kleur fan de ferve.

Tips

Net alle planten en blommen jouwe in goed resultaat. It is in kwestje fan eksperimentearjen. Hjirûnder in oantal yngrediïnten dy't in dúdlik resultaat jouwe:



Reade en blauwe beien



Druk se súntsjes stikken yn it pantsje mei in foarke foar it sieden. Kinst in bytsje maizena tafoegje (earst oplosse yn in pear drippen kâld wetter) om de kleur feller te meitsjen.

Reade byt

Snij in rauwe byt yn stikken en sied dy.



Reade koal



Dy griente hat in hiel soad ferskillende kleuren, ôfhinklik fan watfoar stofke ast derby dochst. Mei in bytsje jittik wurdt it blau-pears, mei polke wurdt it grien.

Sipelskilen

De drûge skilen fan de sipels jouwe in moaie giel/oranje kleur ast se siedst mei in bytsje sâlt en jittik.

Piterseelje

Grien is fansels oeral om dy hinne. Dochs is it net maklik om it grien út blêden te heljen. Mar mei piterseelje kin it. Hak de piterseelje fyn, eventueel mei in blender, en foegje wat polke ta.




SELS FERVE MEITSJE

MEI KLEUREN ÚT DE NATUER



Kofje

Ast in bytsje kofje siedst krijst in donkerbrún resultaat.



Kurkuma

Dit krûdepoeier jout in yntinse giele kleur.

Klaproas

Soest tinke dat de klaproas in read resultaat jout, mar de ferve wurdt pears. Ast in drip jittik tafoegest wurdt it resultaat noch yntinser.



Skilderje mei dyn ferve

Do hast echte wetterferve makke en dat is gjin maklike ferve om hiele krechte dingen mei te skilderjen. It moaiste resultaat krigest ast de foarmen ienfâldich hâldst en de ferve syn gong gean litst. Kinst bygelyks in blomfoarm skilderje mei ien kleur en dêr dan in dripke fan in oare kleur yn falle litte. Lit it dan gewoan gean en wriuw der net mear yn mei dyn pinsiel, de ferve makket der sels wol wat moais fan. Ast ferskillende stofkes tafoege hast oan dyn ferven, dan sille de kleuren op elkoar ynwurkje en kinst fersteld stean fan wat derút komt. Dikke drippen kinst gewoan op it papier drûgje litte sûnder der oan te kommen, dan krije se faak in moai donker rantsje. Fynst it dochs te wiet, dan kinst mei in puntsje keukenpapier wat focht opsûge, sûnder te wriuwen. Just it eksperimintearjen mei planten en stoffen en letter mei ferve op it papier makket it leuk.

In soad wille!

